

Cornelis van der Wal

Taal en krûden

Van der Ploeg hat in mânske roman (360 siden) tafoege oan syn ymposante oeuvre. It ferhaal giet oer Hartman Lautenbach, soldaat en wûnderdokter en spilet him ôf yn de njoggentjinde ieu, yn 'e omkriten fan Kûkherne.

Koarte ynhâld: Hartman hat syn heit, in Frânske soldaat, nea kend en wurdt grutbrocht troch syn mem en pake. Fan dizze lêste, krekt as syn mem in Eastfries, leart er de praktyk fan it kwaksalvjen. Om te oerlibjen siket Hartman harren iten yn it fjild, hy wurdt streuper en dief. As er by fersin in Joadske fioelespylder de kiel ôfsnijt om't er him foar in skiep oansjocht, flechtet er út Fryslân wei en wurdt soldaat en fjochtet yn 'e Belgyske opstân.

Nei de oarloch komt er werom yn syn âlde omjouwing, libbet yn hoalen, op in arke en letter yn in komelkersspultsje. Syn mem is dan al stoarn, lykas folle earder ek syn pake. In sekere Jasper Vogelzang makket opmerkings dy't der op tsjutte dat er de moard op de Poalske Joad sjoen hat. Troch Jasper syn rabberij wurdt Hartman in net ûnbesprutsen persoan. As Vogelzang tydlik fermist rekket, wurdt Hartman fertocht. Hartman keapet in gewear, dêr't in flok op leit, om't der ien mei deasketten is en in skoftke letter lûkt in frou mei har soantsje by him yn. De frou rekket swier en stjert by de befalling. Hartman hellet de dokter der te let by en sa hat er eins wer in deade op syn gewisse.

Yn 'e rin fan 'e tiid hat er him ûntjûn as wûnderdokter en 'duvelbanner'. Der is in soad flecht op 'e koai fan lju mei alderhanne krupsjes.

It jonkje, Renger, bliuwt by Hartman wenjen en ek dat soarget foar skeve eagen. De agresje fan it folk wurdt op it lêst sa grut dat se mei de dronkene kop nei syn spultsje ta lûke om him geweken te nimmen. Dan sjit Renger mei it ferflokte gewear in stikmannich manlju del, guon stjerre. Hartman kriget de skuld en nimt dy ek op him. Hy wurdt arrestarre en meinaam nei Ljouwert ta.

As roman liket my *It wurk fan 'e duvel* net alhiel slagge. Sa haw ik, nettsjinsteande withoefolle beskriuwings, noch gjin dúdlik byld fan Hartman Lautenbach. Ik sjoch him net foar my en, wat faaks wichtiger is, ik haw eins gjin momint mei de man meifiele kind. Koartsein:

de haadfiguer komt net ta libben. Wêr't him dat oan leit is slim te sizzen, mar it hat faaks te krijen mei de wat stiif oandwaande psychology: bygelyks yn passazjes as: 'De foarbije jierren hie er ûndergien as in lottering, dy't by neier ynsjen in misrekkenjen wêze moast. (...) En knage by syn weromkommen de wroechwjirm? (...) Wêr wie de blide werkenning fan wat er yn it ûnthâld koestere hie?' (s. 66)

Fierders sacket de spanning yn it lêste part fan it boek wat yn, it siket om 'e ein. Nei alle gedachten hie *It wurk fan 'e duvel* wol sa'n 100 siden koarter wêze kind.

Ja, dat sis ik no wol, mar wat hiene wy dan net foar moais misse moatten! Want, neist niisneamde krytyk fyn ik it wol deeglik in prachtich boek. De sfear dy't it opropt is unyk te neamen. Yn syn beskriuwings fan de heislike earmoed dy't der doe hearske en fan de ferskate Typstra's toant Durk van der Ploeg him in master.

It boek is ek in taalmonumint fan formaat, it Frysk dat hjir brûkt wurdt sil neffens guon wol âlderwetsk wêze: ik haw der fan genoaten. Sjoch ris nei de folgjende, willekeurige, sin: 'Ut it bit kwelle tynwetter doe't it stiel troch fyftjin tûme iis skeat. De skossen dy't losrekken, huft er mei de kop fan 'e akse oan barrels en skode stikken en stollen ûnder it iis op, oant der in fjouwerkant gat gappe dêr't swart wetter mei in rêstige hertslach yn op en del beweegde.' (s. 168) Yn dizze passazje komt van der Ploeg syn eftergrûn as dichter nei boppen, sa binne der folle mear plakken oan te wizen dêr't er it wenstige proaza tydlik ferlit foar it hegere plan fan de poëzij. Der moat ek mar wer ris in dichtbondel fan de man útkomme, tinkt my.

Neist roman, histoaryske beskriuwing, djippe boarne fan Frysk taaleigen en poëtysk wurk is dit boek faaks ek te brûken as ... krûdeleksikon en natoergenêskundich neislachwurk! Der wurdt gauris wiidweidich yngien op 'e deistige praktyk fan wûnderdokter Hartman Lautenbach, sadat *It wurk fan 'e duvel* ek foar minsken dy't soks nijsgjirrich fine in oanrieder wêze kin.

Bytiden is it boek behoarlik spannend, bygelyks by de beskriuwing fan in kroechrûzje (haadstik 12), mar spitigernôch fyn ik de ein mar wat in antyklmaks. Om de ien of oare reden hie 'k wol ferwachte dat Renger sjitte soe en op it lêst, wannear't Hartman troch justysje nei Ljouwert ta brocht wurdt, kriget it wat ûnbefredigjends. Ik wol dochs graach witte hoe't it mei him ôfrint. Hmm..., soe ik dan dochs mear meilibbe ha as dat ik tocht?

Durk van der Ploeg, *It wurk fan de duvel*
Friese Pers Boekerij, 2000. Priis: f 39,50